

Skriftlike fragen oangeande de ferkearssitewaasje de Hegedyk tusken Weidum en Mantgum.

Bêste kolleezjeleden,

Op 10 septimber slingere Weidumer doarpsbelang It Nut gau in berjocht it doarp yn; it die bliken dat de Hegedyk tusken Weidum, Jorwert, Mantgum, Easterwierrum ôfsletten waard it wykein derop. Doarpsbelang wie net op de hichte mar wie der by tafal achterkaam dat de dykôfsetting freed 13 septimber in feit wie.

Foar de feiligens yn ús gemeente wolle wy jo der op wize dat in dyk mei djippe en minder djippe freesgatten nét sûnder goeie oankundiging en it goed brûken fan ferkearsmaatrigels of warskôgings kin. Freedtejûn 13 septimber om 19:00 jûns wiene de wurknimmers nearne te bekenen, ek gjin skaftweinen, masines of datsoarte saken. Inkeld in dyk, dêr't je 60 km/û ride meie, mei superrare gatten yn it asfalt. It wurk wie blykber net ôfkaam.

Om goed 20:30 jûns stiene yn it 'wylde wei' oeral saneamde bakenschilden. Midden op de dyk, midden yn in bocht. Sneontemoarns waarden it pear warskôgingsbuorden oanfolle; oplette dus!

Goed. Lang ferhaal koart; Mei en sûnder feilichheidsmiddels of warskôgingsbuorden wie de sitewaasje lang net feilich. Ek net foar de hûnderten besikers dy't by tsjuster út Jorwert weikomme moasten.

Us fragen:

1. Binne jo it mei ús iens dat alle oanbelangjende doarpsbelangen (ek dy fan de doarpen dy't logysk sjoen gebrûk fan in bepaalde route meitsje) op tiid op 'e hichte brocht wurde?
Kinne jo ús oanjaan wêrom't dat yn Weidum, dêr't de dyk in ûntslutingsroute foar is, net bart is?
2. Binne jo it mei ús iens dat de sitewaasje ûnfeilich wie?
Kinne jo ús tasizze dit mei de oanbelangjende útfierder op te nimme, sadat dit net wer barre kin binnen ús gemeentegrinzen?
3. Binne jo it mei ús iens dat op sokke sitewaasjes in bepaald soart tafersjoch, of kontrôle, wêze moat?
Kinne jo ús fertelle hoe't soks yn syn wurk giet binnen Gemeente Ljouwert? Wa is einferantwurdlike yn sa'n sitewaasje, en mei wa kinne boargers op jûntiid kontakt krije om it gau op te lossen?

- Oangeande de foto's: Dit binne bylden fan freedtejûns omstreeks 20:30. Hinnereis stiene alle buorden en skylden der net.

We hearre graach fan jimme,
Ut namme fan FNP Ljouwert
Janneke de Boer.













